

De Afûk is in aktive, ûndernimmende organisaasje, dy't as doel hat om de Fryske taal yn alle geledingen fan ús Fryske mienskip in folweardich plak te jaan. In sterke ferbining mei it bedriuwslibben, de soarchsektor en oare sosjaal-maatskiplike en kulturele organisaasjes fine wy dêrby essinsjeel.

Wy sykje foar ús team Taalpromoasje in:

RELAASJEBEHARDER/PROJEKTKOÖRDINATOR TAALPROMOASJE

foar 28 oeren wyks

Mei ús taalpromoasje-aktiviteiten wolle wy minsken, bedriuwen en organisaasjes bewust meitsje fan har eigen taal en identiteit en harren stimulearje om it Frysk aktyf te brûken en sichtber te meitsjen. Foar dy aktiviteiten sykje wy op koarte termyn in **Relaasjebehearder/projektkoördinator Taalpromoasje**.

As relaasjebehearder ûnderhâldsto de besteande kontakten en giesto aktyf op syk nei nije relaasjes en kontakten út boppeneamde sektoaren. Om't de gearwurking mei de ferskate partners meastentiids foar langere tiid is, is it wichtich datsto in duorsume relaasje mei harren opboust. Do hast in sintrale rol yn it team Taalpromoasje en betinkst, op basis fan it ferlet fan bedriuwen en organisaasjes, mei dyn kollega's plannen en strategyen en leist ferbiningen tusken de ferskillende projekten, produkten en aktiviteiten fan de Afûk en tusken de ferskillende partners.

As projektkoördinator bist dêrneist ferantwurdlik foar it realisearjen fan projekten binnen de stelde kaders, mar der wurdt ek ferwachte datsto nije plannen ûntwikkelest.

Funksjeprofyl:

- Do hast in hbû/akademysk wurk- en tinknivo;
- Do hast in brede belangstelling, bist nijsgjirrich en entûsjast;
- Do leist maklik ferbiningen, bist kreatyf en pro-aktyf, hast fernijende ideeën, wurkest selsstannich mar sikest ek de gearwurking op, witst fan oanpakken en hast each foar detail;
- Do hast goede kontaktuele eigenskippen;
- Do hast ûnderfining mei it jaan fan presintaasjes en workshops en mei it skriuwen fan teksten foar in breed publyk;
- Do hast goede mûnlinge en by foarkar ek skriftlike behearsking fan it Frysk.

Wat biede wy dy?

- In ôfwikseljende baan mei in soad selsstannichheid yn in kreatyf en entûsjast team.
- Do krijst in tydlik tsjinstferbân foar in perioade fan ien jier, mei útsjoch op ferlinging.
- In salaris neffens de CAO Sosjaal Wurk, skaal 9 of 10, ôfhinklik fan oplieding en ûnderfining.

Wolsto mei ús minsken entûsjast meitsje foar it Frysk? Dan hearre wy graach fan dy!

Mear ynformaasje en sollisitearje

Foar mear ynformaasje oer de funksje kin fan moandei o/m tongersdei kontakt opnommen wurde mei: Mirjam Vellinga, teamlieder Taalpromoasje, tel: 06-38 82 69 91.

Stjoer dyn sollisitaasje mei dyn cv foar 3 jannewaris 2025 nei: ciska.noordmans@afuk.fr! foar de direkteur-bestjoerder fan de Afûk, Alex de Jager.

De petearen wurde yn oerlis pland, mar sille by foarkar plak fine yn wike 3 2025.

